

Keatse op, yn, mei, ûnder, tusken of by wetter

Guon hawwe it al troch, ik skriuw oer de merkesnein.

Keatse mei en/of troch alle ynwenners fan jong oant âld.

Elk op har/syn eigen kinnen. Ik sjoch der nei út dat we yn de rin fan de moarn de jeugd oan de gong sjogge. En dat de 'âldere jeugd' dan binnen dript om oan de ein fan de moarn ek los te gean. It tema is dúdlik, al tink ik net dat der in wetterballonnepûl komt om yn te keatsen. Mar wa wit, der stiet noch neat fêst. Wol tink ik dat der foar elk 'wat wils' is. Dus jou jim op en kom del.

In drankje en hapke binne der wis en seker en mooglik ek noch wol mear. Mar dat kinne jim neilêze op ús webside.

Krekt as al dy oare saken: witte jim wa't it krânseklassemint oanfiert? Wa't de measte KNKB prizen fan de feriening dit jier oant no ta behelle hat? Sjoch mar ris op ús side!!

Foar no: foarspoed foar ús keats(t)ers en hoopje dat it net yn it wetter falt.

In sportive groet,
Frederik

www.kaatsverenigingjanreitsma.nl

De nije regioshirts binne binnen!

Op snein 10 maaie 2026 hie ús KF wer in moaie boppeslach te fieren: de nije regioshirts kinne yn gebrûk naam wurde.

Sponsor Myja Zijlstra fan **bernedeiferbliuw Bernewrâld** en bûten skoalske opfang It Sutelplak wie sels ek oanwêzich by dit heuchlike momint. Yn elts gefal foar de kommende fjouwer jier kinne ús leden sa wer moai foar de dei komme op de regiowedstriden (foarhinne federaasjewedstriden neamd).

De nije regioshirts wurde oan de efterside opfleure troch de ko-sponsor: ús eigen **Keatskameraten**.

Op dizze wize drage in protte stipers mei-elkoar by oan de stimulearring fan ús (jeugd)keatsen.

Keatskameraat kin elts wurde wa't dat noch net is, foar € 25,00 per jier hearre jo ek by dit yllústere selskip

<https://kaatsverenigingjanreitsma.nl/keatskameraat/>

Foto op de foarpagina

KNKB ôfdieling jonges pupillen

Kommende snein 14 juny spylje de jonges pupillen by ús op it fjild in ôfdielingspartij. We ha sels twa partoeren dy't hjir oan meidogge. Kom se gesellich oanmoedigen! It begjint om 10.00 oere.



Hâld it leuk! *Houd het leuk!*

Uw kind speelt



Het spel is van de kinderen.

De coach coacht



het team.

De scheidsrechter beslist



Accepteer zijn gezag en beslissingen.

U moedigt aan

U bent er voor positieve aanmoediging!



Einddoel: Plezier & Sportiviteit staan voorop!

KF Jan Reitsma Reduzum & Mid Fryslân

Utslach Keningskeatsen 26 april

Welpen

- 1^e Ids Elzinga & Jetske de Jong
- 2^e Redmer Brouwer & Emmy Boersma
- 3^e Janne Roorda & Jort van Balen

Pupillen

- 1^e Leo Koopmans & Niels van Balen
- 2^e Jorik van der Meulen & Pieter Hijlkema

Skoaljeugd

- 1^e Sanne van Dijk
- dielde 2^e Jelle van Dijk & Jelke van der Meulen
- 3^e Femke de Vries

Froulju

- 1^e Anna Baukje Bloem & Mirthe Wijnstra
- 2^e Afke Kuipers & Brecht Smit

Manlju A klasse

- 1^e Johannes Gerben Brinksma & Willem Fopma
- 2^e Lars Tijssen & Jesse Moos

Manlju B klasse

- 1^e Mark Bloem & Bonno Duhoux
- 2^e Richard van Dijk & Arie Broekstra

Utslach Eelke en Anna partij 10 maaie

De Toppers

- 1^e Anna Baukje Zijlstra & Brecht Smit
- 2^e Richard van Dijk & Pytsje Pasma

De Cracks

- 1^e Simon Sjouke Zijlstra & Willem Fopma
- 2^e Johannes Gerben Brinksma & Jan Bergsma



Utslach Ferrassingspartij 10 maaie

Kabouters

- 1^e Wessel Lageveen & mem Pytsje
- 2^e Tieme Brouwer & mem Nynke
- 3^e Rijk-Jan van Dijk & mem Annelies
- 4^e Riemer Roorda & mem Margriet
- 5^e Fardau Sikkes & mem Anique
- 6^e Jouke Bersma & mem Rachel

Welpen 1

- 1^e Ids Elzinga & Jildert Bakker
- 2^e Feija Bakker & Wisse Hijlkema

Welpen 2

- 1^e Lysanne van Dijk & Jitske Lageveen
- 2^e Fenna Bijker & Jort van Balen

Pupillen/Skoaljeugd 1

- 1^e Jort Bergsma & Ilva Smit

Pupillen/Skoaljeugd 2

- 1^e Jelmer Roorda & Jelle van Dijk
- 2^e Menne Wieling & Jelke van der Meulen

